

Neffens de regels foar it útjaan fan "historische bescheiden" is it net de taak fan de útjouwer om de publisearre tekst yn de ynliding wittenskiplik te ferwurkjen.⁴⁶ Dochs nimme wy de gelegenheid te baat en gean neier yn op de ûndersyksmooglikheden dy't de besitsrekonstruksje biedt, mei as bysûndere fraach oft wy no mear te witten komme kinne oer de pleats fan de 16de-ieske Fryske boer Rienck Hemmema yn Hitsum.

Hemmema krige ûnder lânbouhistorisi grutte bekendheid troch de oan him wijde publikaasjes fan Slicher van Bath. Mei in bytsje oerdriuwen soe hy ûndertusken wol as ien fan de "histoarysk" meast ferneamde boeren fan 'e wrâld oantsjut wurde kinne. Hy tanket dy faam oan de boekhâlding oer de jierren 1571-1573 dy't hy fan syn pleats neilitten hat. Dy boekhâlding is sa detaillearre dat dêrút in skerp byld fan syn bedriuw sketst wurde kin. Is it foarkommen fan sa'n boekhâlding op himsels al seldsum, de omstannichheid dat dy net troch in grutgrûnbesitter of syn rintmaster opsteld waard mar troch in boer dy't sels alle dagen by it bedriuw beheare belutsen wie, stimpelet har ta in foar West-Europa unike boarne. Nei in yngeande, fral ekonomysk-histoaryske analyse fan de boarne portrettearre Slicher van Bath Rienck Hemmema as in ûntwikkele eigenerfde boer dy't op syn mingd bedriuw opmerklike produksjeresultaten wist te berikken; produksjeresultaten dy't oantoane dat de Fryske lânbou yn 'e tiid fan Rienck Hemmema as gehiel op in heech peil stie.⁴⁷


Slicher van Bath is by syn analyse net neigongen wêr't de sate fan Hemmema yn Hitsum krekt lei. Wol joech hy oan dat it om itselde goed gean moat dat yn 1511 troch Sicke Gratinga, Rienck Hemmema syn pake fan memmekant, brûkt waard. Mar fierder liet hy de fraach nei de lokalisaasje benefier. In oanknopingspunt wie der oars wol, want Postma en Spahr van der Hoek hiene yn har hânboek oer de Fryske lânbouskiednis al foarsichtich nei foaren brocht dat Rienck syn hûs yn de buorren fan Hitsum stien hawwe moat, sa likernôch op it plak dêr't op 'e kaart fan Schotanus/Halma de sate *Roorda* oanjûn stiet.

Wy wolle hjirre troch it kombinearjen fan de atlasgegevens mei oarsoartige boarnen, neier yngean op de lizzing fan Hemmema syn pleats, mei de bedoeling om te sjen oft dat noch nij ljocht op Rienck Hemmema sels smite kin.⁴⁸ Dêrby sil benammen omtinken jûn wurde oan de kwestje dy't al troch Slicher van Bath op it aljemint brocht is, nammentlik oft Hemmema net earder as in lânjonker dan as in boer beskôge wurde moat.

De earste kear dat Rienck syn foarâlden mei wissichheid neamd wurde yn in primêre boarne yn ferbân mei Hitsum, is yn 1456. Yn dat jier fermakke Gerland Ockinga, de widdo fan Wibren Hermana, yn har testamint it part fan de stins (*castrum*) yn Hitsum dêr't se rjocht op hie, oan in *Upke in Hitsum*. Upke syn frou Tet krige dêrby Gerland har bêste reade tonyk.⁵⁷ Twa aspekten fan dy skinking lûke hjir de oandacht: A. de besibbens dy't der blykber bestie tusken de famylje *Te Hitsum* - sa't wy har foar it gemak mar neame sille - en de wichtige haadlingefamyljes fan Westergoa, Ockinga fan Burchwert en Hermana fan Minnertsgea; en B. de oantsjutting fan *castrum*, dus fan "fersterke hûs" of "stins".

Mei help fan genealogyske hânskriften út de 16de en 17de ieu, mear yn it bysûnder mei it hânskrift fan Upke te Hitsum syn oer-oerpakesizzer Upke van Burmania (ferstoarn 1615), kin de besibbens tusken Gerland Ockinga en Upke te Hitsum neier bepaald wurde. Ut wat dy hânskriften oer Upke en syn foarteam meidiele docht bli

*De families te Hitsum:, Gratinga en Burmania*⁴⁹



ken dat Gerland in âldmuoike fan him wie. Upke syn heit soe in Rienck Upkes⁵⁸ west hawwe dy't yn 'e hânskriften soms de tanamme *to Birdingaterp* krijt.⁵⁹ Yn 1429 soene hy en de pastoar fan Hitsum yn 'e mande mei oare haadlingen en geastliken út de omkriten it inisjatyf ta de herfoarming fan it kleaster Lúntsjerk nommen hawwe.⁶⁰ Hoewol't de kronyk dêr't dit berjocht oan ûntliend is, op gâns plakken tige ûnbetrouber is, is der gjin reden om oan de krektens fan dy meidieling te twifeljen. Yndied is Lúntsjerk yn it jier 1429 herfoarme.⁶¹ En dat in pastoar en in haadling út Hitsum dêrby in rol spile hawwe is ek goed mooglik, net allinnich omt Hitsum en Lúntsjerk tichteby elkoar leine mar ek omt der tusken de parochy en it kleaster âlde bannen bestiene.⁶²

Rienck Upkes soe neffens de genealogyske hânskriften de soan west hawwe fan Upke te Hitsum of *te Birdingaterp* en fan Geel Ockinga fan Burchwert, in suster fan Gerland Ockinga. Dy âldste Upke te Hitsum soe yn 1426 op it hôf fan Hitsum begroeven wêze ûnder in holle stien noardlik fan de tsjerke.⁶³ It hat alle eigenskip dat hy deselde wie as *Upke inde Beddgaryp* of *Wopcke inde Bedegreep* dy't yn 1420 yn 'e mande mei oare "erbaren luiden" út Frjentsjerteradiel in ferdrach sleaten mei Ocko ten Broek en de stêd Grins.⁶⁴ Fanwege de rjochten dy't Gerland Ockinga in 1456 op in part fan de stins yn Hitsum hie, leit it yn 'e reden om oan te nimmen dat de Upke te Hitsum mei wa't de genealogy úteinset, syn posysje ferkrige troch syn houlik mei Geel Ockinga, Gerland har suster. It besit soe yn dat gefal út de famyljes fan har âlden: Ockinga fan Burchwert of Camstra fan Furdgum, ôfkomstich wêze kinne.⁶⁵ Lykas Upke yn Bedgaryp tagelyk mei guon sibben fan syn frou yn it haadlingeferbûn fan Westergoa yn 1420 foarkomt⁶⁶, sa sil de stins yn Hitsum diel útmakke hawwe kinne fan it netwurk fan fersterkings fan dy "partij".

De term *castrum*, dêr't it hûs te Hitsum yn 1456 mei oantsjut waard, wiist derop dat der sprake wie fan in echte stins. Hoewol't it wurd *castrum* yn dy tiid soms ek wol foar ienfâldige stiennen huzen brûkt waard⁶⁷, sil it yn dit gefal dochs wol op in stienhûs fan militêre ymportânsje slaan. Dat docht dúdlik bliken út it rapport dat in Hollânske spion om 1468 hinne oer de strategysk wichtige punten yn Fryslân makke. As ien fan dy punten wiist hy oan: "een dorp geheeten Hitsum mit eenen slotken, ende is beheert van eenen geheeten Wuypke Reynick zoen".⁶⁸ Ek yn oare boarnen komt Upke Riencks foar, net as in ienfâldige boer mar as in persoan dy't yn Westergoa yn oansjen stie. Sa is hy yn 1470 en 1475 de besegeler fan wichtige oarkonden, en yn 1488 "maaksmann" of houlikstsjûge.⁶⁹ Yn 1492 wie er skepen fan Boalsert⁷⁰ en twa jier letter hearde er ta de riedsleden út Westergoa fan postestaat Juw Dekema.⁷¹

Yn de folgjende generaasje spliste de famylje Te Hitsum har yn twa tûken, dy't har respektivelik Burmania en Gratinga neamden. Upke syn soan Rienck troude mei de erfdochter fan de wichtige Ljouwerter haadlingefamylje Burmania⁷², dêr't de skiednis oant yn de 13de ieu fan te folgjen is: om 1300 hinne koene de Burmania's al rjochten op de kollaasje fan de Ljouwerter memmetsjerke, de St. Vitus of Aldehou, jilde litte.⁷³ Troch dit houlik krige Rienck it Burmaniahûs tichteby dy tsjerke yn hannen en neamde hy him dêrnei ek Burmania. Op 31 oktober 1492 sleaten Reenyck Buermanningha en Worp Unynga har as "hoeftlinge in Lewerden" oan by it ferdrach dat Ljouwert alve dagen earder mei Grins sletten hie.⁷⁴

De fan him ôfstamjende, har Van Burmania neamende staach fan de famylje Te Hitsum is troch Rienck syn slagge houlik ta de top fan de Fryske adel hearre gean. Rienck syn soan Tiaert van Burmania hie neffens it Register fan de Oanbring in jierynkommen fan mear as 330 goudgûne. It kaam út grûnbesit dat benammen tichteby Ljouwert en fierder yn Ljouwerteradiel, Westdongeradiel en Baarderadiel lei.⁷⁵ Yn letter tiid soene de Burmania's de famylje wêze dy't de measte grytmannen fuortbrocht. Tiaert van Burmania en syn broer Douwe lieten yn 1520 har adeldom fan hegerhân befêstigje. Se waarden yn dat jier yn de Ryksadelstân opnommen.⁷⁶ Mei de famyljenamme fan har mem krigen Douwe en Tiaert ek it wapen

fan har memme famylje: in heale earn en in klaverblêd oan in stokje.⁷⁷ By har ferheffing yn 'e adelstân waard dit feroare yn in kwartilearre wapen mei in heale earn, twa klaverblêden en in liuw.⁷⁸ Har broer Upco van Burmania, pastoar fan de Aldehou, bleau lykwols in fariant fan it âlde wapen Te Hitsum fieren: in heale earn, en in wassenaar mei twa stjerren en in roas.⁷⁹

Upke te Hitsum syn oare soan soe neffens de genealogyen Bocke Gratinga hjitten hawwe. Yn primêre boarnen komt hy net foar, mar dat hy yndied ta deselde famylje hearde as de Burmania's en de Te Hitsums, docht bliken út it feit dat de lettere Gratinga's itselde wapen fierden as pastoar Upco van Burmania: in fariant dus fan it wapen Te Hitsum. Ek it feit dat Bocke syn soan Sicke Gratinga yn 1511 tegearre mei Douwe Burmania eigener fan Jan te Derstum syn sate yn Hitsum wie, wiist yn dy rjochting. De genealogyske hânskriften jouwe twa ferklearrings foar de namme Gratinga. De troch Gerlich Doys opstelde genealogy dielt mei dat Upke Riencks yn in twadde houlik mei in Jetske Gratinga trouw wie. Har soan Bocke soe dus oan har syn namme ûntliend hawwe. It Burmaniaboek jout in oare, mear detaillearre ferklearring en neamt dêrby ek in boarne. Upke Renicks soe yn 1453 Gratinga state by Harns kocht hawwe, mei alle opringingten, wêrûnder de fiskfangst.⁸⁰ Nei dy state, dy't yn 1511 yndied eigendom fan Sicke Gratinga wie, soe dy syn heit Bocke him Gratinga neamd hawwe.⁸¹

Wylst de belangen fan de Burmania's benammen yn Eastergoa leine, leine dy fan de Gratinga's fral yn Westergoa. Bocke Gratinga soe neffens de genealogyske hânskriften mei in Barradielster famke boaske hawwe: mei de dochter fan Sicke toe Nyehuis út Wynaam of fan Wyger Eelsma út de Bjirmen. Har soan Sicke Gratinga hie yn 1511 yn totaal 183 goudgûne oan ynkomsten út grûnbesit. Grûnbesit dat benammen yn Barradiel, Frjentsjerteradiel en Baarderadiel lei.⁸² Neist Gratinga state by Harns hie hy ek de troch him sels bewenne stins yn Hitsum erfd, mei noch twa troch oaren brûkte pleatsen dêre.⁸³


Net allinnich wie it grûnbesit fan de Gratinga's folle lytser as dat fan har neven Burmania, se koene har ek net op de âldens fan har famyljenamme foarstean litte. De troch it Burmaniaboek neamde oankeap fan Gratinga state is tagelyk de âldste - min ofte mear - betroubere fermelding fan de namme Gratinga. Gratinga hie om samar te sizzen gjin skiednis. Yn dat gemis koe lykwols troch kronykskriuwers foarsjoen wurde. Lykas bekend is, waard yn de Fryske skiedskriuwing fan de 16de ieu op de romroftens en âldens fan de Fryske adel sterk de klam lein.⁸⁴ Al yn de iere Midsieuwen soene Fryske eallju mei krekt deselde nammen as yn de 16de ieu in foaroansteande rol spile hawwe. Ek de famylje Gratinga krige sa in keunstmjittich ferline tadield. Neffens de kronykskriuwer Andreas Cornelius soe hja fan grut belang west hawwe foar de âldste skiednis fan de tichteby Gratinga state lizzende stêd Harns en fan de allyksa oanbuorjende abdij Lúntsjerk. Yn 1133 bygelyks soe Sicke Douwes te Gratinga tegearre mei Ede Edes thoe Gerbranda yn in fete mei Douwe thoe Harns fertiisd rekke wêze oer it rjocht fan oerpaad by in headyk lâns. Earst yn 1175 soe dy fete beëinige wêze nei't de Gratinga's yn 'e mande mei de lekebruorren fan it ûndertusken stichte kleaster Lúntsjerk de stinzen Harns en Harliga ferwoaste hiene en de lêste eigener yn it kleaster Foswerd gien wie. Op it plak fan Harns en Harliga soe dan ringen it stedsje Harns ûntstean.⁸⁵ Yn noch in oare passaazje yn dyselde kronyk fan Andreas Cornelius wurdt meidielt dat yn 1420, sawat 300 jier letter, wer in Sicko Gratinga mei oare Barradielster haadlingen de muontsen fan Lúntsjerk holpen hawwe soe yn in skeel mei de abdij Blomkamp by Boalsert.⁸⁶ Troch soksoarte ferhalen krigen de Gratinga's dan dochs noch in like romroft ferline as har Ljouwerter neven Burmania. Tsjin dy eftergrûn krijt it feit dat Rienck Hemmema, pakesizzer fan de (histoaryske) Sicke Gratinga, yn 1572 twa goudgûne en seis stoeren en boppedat de kosten fan it papier op it kleed lei om in kronyk ôfskriuwe te litten, in ekstra relief.⁸⁷ Histoaryske belangstelling en famyljebesef stiene ek yn dit gefal net los fan elkoar!

Nei boppesteande genealogysk-histoaryske skets kin de posysje fan de haadlingen yn Hitsum neier typearre wurde. Foarsafier't yn de boarnen neigien wurde koe, hawwe de bewenners fan de stins yn Hitsum yn de 15de en 16de ieu nea in hearskippij útoefene dy't te ferlykjen wêze soe mei bygelyks dy fan de Juwinga's yn Boalsert, de Sjaerda's yn Frjentsjer, de Herema's yn Tsjom en de Burmania's yn Ljouwert. Yn tsjinstelling ta dy famyljes hiene se ommers gjin machtsbasis yn in plak mei sintrumfunksjes, en ek wiene se net by steat om hegemony út te oefenjen yn in streek dy't ferskate doarpen omfieme. Wol kinne se as doarpshaadlingen fan it lytse doarp Hitsum betitele wurde. No telde Hitsum yn de Nije tiid 12 stimhawwende pleatsen; suver nei it getal besjoen like doe dus mar in betreklik lyts part fan de politike macht yn hannen fan de Gratinga's (en letter fan har erfgenamen). Mar dy situaasje mei net nei de tiid fóar 1500 tebek projektarre wurde. Yn it begjin fan de 15de ieu wiene der yn it doarp nammentlik mar trije rjochtfierende staten.⁸⁸ Men kin fan tinken wol hawwe dat it *slotken*, dêr't yn 1468 Hitsum út wei *beheert* waard, der ien fan west hat. De hypoteze fan Beelaerts van Blokland, dat de yn 1407, 1408 en 1409 neamde Ocke in Hitsum, dy't behalven yn Hitsum ek yn Mullum noch in state hie, identifisearre wurde kin mei de yn 1426 ferstoarne Upcke of Wopcke te Hitsum dêr't de genealogy mei úteinset, is dêrom hiel wol te ferdigenjen.⁸⁹


De wichtige posysje dy't de Te Hitsums (Gratinga's en Burmania's) yn it doarp ynnamen, wurdt benammen dúdlik as wy sjogge nei de wearde fan de grûn dy't hja yn eigendom hiene. Yn 1514 wie dy grûn goed foar mear as in kwart fan it bedrach dêr't it doarp foar oanslein wie. Sawat inselde floreenbedrach lei op de lannen dy't oan ien fan de oan de parochytsjerken ferbûne geastlike fûnsen hearden (pastory, tsjerkelân, fikary). De wearde fan it tsjerkelân en it haadlingelân tegearre berûn dus mear as de helte fan de wearde fan Hitsums kultuerlân yn syn gehiel. Sa't út de floreenbedraggen yn it âldste stimkohier bliken docht, wie yn 1640 dit oerwicht fan de tsjerke en de erfgenamen fan de Te Hitsums (de jonkers Van Eysinga en Van Boshuysen) noch fierder tanaam.

It soe te fier gean en lokalisearje yn dit ramt no alle pleatsen fan de Te Hitsums yn 1511 en 1514. As wy ús hjirre beheine ta de kearn fan har besit: de lannen dy't by de stins sels hearden, dan docht lykwols allyksa bliken dat it bedriuw dêr't letter Rienck Hemmema op buorkje soe, yn de 15de en 16de ieu mear in adellik goed as in gewoane boerepleats wie. De lizzing fan de state fan de Gratinga's en fan 'e dêrby hearrende lannen, sa't dy mei help fan it kadaster en de floreen- en stimkohieren globaal rekonstruearre wurde koe, yllustrearret dit op ferskate wizen.

Yn 1786 wurdt dy lizzing sa beskreaun: "Rondsom de kerk heeft men hier veel hoog en vruchtbaar bouwland, door 't welk, ten Westen des dorps, de vaart van Franeker naar Arum loopt. Men ziet hier nog de hieming en graften van de oude sterke State Roordema-Stins".⁹⁰ Dy typearring komt goed oerien mei de kadastrale en prekadastrale gegevens. Sa't út de klassearring fan 1832 bliken docht, wiene der grutte ferskillen yn 'e grûnfruchtberens om Hitsum hinne. De lannen dy't yn de twa heechste klassen oanslein wiene, leine yndied om 'e tsjerke hinne, oan wjerskanten fan 'e dyk. De prekadastrale atlas lit sjen dat in grut part fan dit bêste lân ûnder de pleatsen hearde dy't oan de parochytsjerke of oan de famylje Gratinga hearden, ôf dy't mei de tsjerke as ek mei de Gratinga's in nauwe bân hiene. FC6, yn 1622 Roorda Stins neamd, waard - lykas fierderop útlein wurde sil - yn 1511 yn eigendom brûkt troch Sicke Gratinga en yn 1571 troch Rienck Hemmema. Ek de oan alle kanten troch lân fan Roorda ynsletten perselen, dy't yn it floreenkohier fan 1850 ta FC7 rekkene waarden, moatte der ynearsten diel fan útmakke hawwe. Op de kaart fan Schotanus wurde de by Roorda hearrende hōvingen nammentlik krekt op dizze perselen lokalisearre. As men dat sjocht, komme jin fansels de parre-, apel-, promme-, kerse- en roazebeammen yn 't sin dy't Rienck Hemmema yn 1573 by in kweker kocht.



De grûnkwaliteit yn Hitsum, 1832



Hearskipsgoed en geastlik goed yn Hitsum

De floreen- en stimkohieren litte fierder sjen dat it fikary- of prebindelân fan Hitsum, FC3, ek as *Graettinga Leen* oantsjut waard. Dy prebinde sil dus wol yn de lette Midsieuwen troch de Gratinga's of troch har rjochtsfoargongers stichte wêze. Dêrop wiist it feit dat de Gratinga's it "gerecht van kiesinge ofte collatie" fan dit "lehen ofte vrye prebende gelegen tot Hitzum" hiene⁹¹. Ek út de lizzing docht dat bliken: Gratinga-lien slút fuort oan by, better noch: foarmet ien gehiel mei Roorda state. Sa't yn Fryslân sa faak it gefal is⁹², lizze ek yn Hitsum it lân fan de doarpshaadling en it tsjerkelân tichteby elkoar. Eastlik oan Roorda swettet it pastorylân (FC2, 14, 15, 16), westlik oan it Gratinga-lien it tsjerke- of patroanslân (FC1, 18). Sels as wy bûten beskôging litte dat de Gratinga's yn 1511 te Hitsum noch twa oare pleatsen yn har besit hiene, kinne wy dus konkludearje dat de - yn eigen behear eksploitearre - kearn fan it grûnbesit fan de haadling fan Hitsum, tegearre mei dat fan de tsjerke, op de meast fruchtbere grûn fan it doarp lei.⁹³ Oangeande de fruchtberens fan de grûn jildt dus itselde as oangeande de rjochten yn de midsieuske rjochtsomgong: net alle saten hiene in like geunstige posysje. Guon - en benammen dy fan de haadling - wiene befoarrjochte boppe oare. De namme fan de ikker *op de Urd*, dêr't Rienck Hemmema griene en grauwe earten, beannen, weit en koarn ferboude, slút moai oan by dy sintrale lizzing fan it lân fan Roorda state. Sawol yn de sânstrecken fan East-Nederlân en Westfalen as ek yn de Fryske klaaigebieten oan de Noardseekust tsjut dit toponym ommers hieltyd betreklik heechlizzend, âld boulân oan.⁹⁴

Net allinnich yn de lizzing fan it tsjerke- en haadlingelân en it yn wêzen ta beide kategoryen hearrende Gratinga-lien op de bêste kultuergrûn wurdt de dominante posysje fan de famylje Te Hitsum wjerspegele. Ek mei de feart dy't lâns de doarps-terp fan Hitsum nei Arum fiert, is dat it gefal. Dy feart, dy't yn 1537 groeven (of op 'e nij útdjippe?) wie, rûn neffens de gegevens út ús atlas dwers troch it tsjerke- of patroansgoed (FC1, 18). Dêre, wêr't er de dyk krúste, moast in tille oanlein wurde. Foar de oanlis en it ûnderhâld fan dy "goede tille te Hitzum, by Douwe Jans zoons huys, des patroens meyer" stelde op 12 maart 1537 Sicke Gratinga, "hoveligh, wonende toe Hitzum" him garant. As ûnderpân wiisde hy syn "principael goedt toe Hitzum", de stins dus, oan. Yn ruil foar dy taak, dy't tradysjoneel faken troch haadlingen en kleasters útoefene waard⁹⁵, krigen hy en syn rjochtsopfolgers de "eygendom ende possessie van die visschenye" yn de feart.⁹⁶ Sawol de sirka 1468 neamde militêre funksje fan de stins, as de lizzing fan it hjirby hearrende lân en de rjochten dy't de haadlingen te Hitsum yn de tsjerklike en wrâldske sfear jilde litte koene, litte sa sjen dat de bewenners fan de state fan Rienck Hemmema al yn de 15de ieu in beskate hegemony yn it doarp útoefenen.

Oars as de oanswettende Gratinga-prebinde hat de stins úteinlik net de famyljenamme Gratinga krigen.⁹⁷ Sûnt it begjin fan de 17de ieu wurdt der op kaarten de namme Roorda of Roordama foar oanjûn. Dy namme wie foar Postma nei alle betinken de reden om Rienck Hemmema syn pleats hjir te sykjen. De Gratinga's likegoed as ek de Hemmema's wiene nammentlik op ferskate manieren mei de Roorda's besibbe. Rienck sels bygelyks wie troud mei Ath Roorda, dy't him lang oerlibbe. Mar de namme kin mear yn finesses ferklearre wurde út de eigendomssituaasje yn it begjin fan de 16de ieu.

Ut it testamint út 1550 fan Sybrandt van Roorda, waans dochter Ymck mei Bocke Sickes Gratinga troud wie, kin ôflaat wurde dat Sybrandt "thuys te Hitzum met een stuck van de werff aen thuys" kocht hie fan Ymck har styfskoanmem Popck Gratinga, de widdo fan Sicke Gratinga.⁹⁸ It hûs waard bewenne troch syn dochter en skoansoan Ymcke en Bocke mei har soan Here: yn 1550 - doe't Ymck en Bocke yntusken ferstoarn wiene - wie har replik goed noch dêre. Yn syn testamint fan dat jier liet Sybrandt Roorda oan syn pakesizzer Here Bockes Gratinga, dêr't er nei it ferstjerren fan dy syn heit fâd oer west hie, dit hûs nei. Tagelyk skonk er Here it jild dat er oan dy syn heit en mem útliend hie. Yn ruil foar dat legaat moast "die

selue Hero Roorda voertaen hyeten Hero van Roorda ende nyet Gratinga ende voo-
ren het waepen van my (...) waer toe hy van Keyserlycke Majesteit sall versuecken
breuen van confirmacie''.

Dit testamint jout nei ús betinken de meast wierskynlike ferklearring foar de
namme *Roorda Stins*, dy't de kaart fan Winsemius fan 1622 oan de state yn Hitsum
taskriuwt.⁹⁹ It liket derop dat Sybrandt Roorda him om de takomst fan syn pake-
sizzer Here Gratinga bekroade hat, doe't dy syn oare pake, Sicke Gratinga, fer-
stoarn wie. Nei alle gedachten hat er op dy wize oan Here alfêst in opsje ferskaffe
wollen op de by de stins hearrende lannen dy't yn de neilittenskip fan Sicke Gratin-
ga sieten; in neilittenskip dy't doe noch net definityf ferdiel wie. Here is de fer-
plichting om him fuortoan Roorda te neamen, neikaam. Yn syn testamint fan 1554
neamt hy him Hero Roorda Bocke Graetnyazoon.¹⁰⁰ It liket oannimlik dat hy yn
oerienstimming dêrmei ek syn âlderlik hûs yn Hitsum *Roorda* neamd hat. Ta in
oankeap fan de hiele sate troch Hero is it lykwols net kaam. Hy ferstoar rillegau,
wierskynlik yn of koart nei 1554, sûnder bern nei te litten. Grutte parten fan de sate
hearden yn 1559 ta oan dr. Rienck Gratinga, ien fan de erfgenamen fan Sicke Gra-
tinga. Se waarden yn dat jier troch Rienck Gratinga syn suster Barbara (Berber) en
har man Hette Hemmema kocht foar har soan Rienck Hemmema.¹⁰¹

De hjirboppe brûkte skriftlike gegevens wiene fan hiel ferskate aard. Almeast gong
it om min ofte mear fersprate ynsidintele fermeldings yn oarkonden en kroniken
fan de famylje en de stins yn Hitsum. It wie ús bedoeling en lit sjen hoe't soksoarte
losse gegevens troch de kennis fan de genealogy fan de oanbelangjende famylje oan
de iene kant, en fan de lizzing fan de state en it bybehearrende grûnbesit oan de
oare kant, in mear strukturele eftergrûn krije kinne. Wy komme no werom op it
útgongspunt foar ús ferhaal: de iepen fraach fan Slicher van Bath oft Rienck Hem-
mema as boer beskôge wurde moat of as lânjonker.

Slicher van Bath konstatareart oan 'e ein fan syn analyze dat Rienck him op gâns
plakken yn syn rekkenboek as in ealman sjen lit: hy nimt tefolle personiel yn tsjinst,
hy hâldt mear hynders as ferantwurde, lit in kronyk ôfskriuwe en libbet nei ferhâl-
ding hiel rojaal, eins sa rojaal dat syn lânboubelied úteinlik dochs net sa suksesfol
wie as wol op grûn fan de troch him tapaste metoaden ferwachte wurde koe.¹⁰² Yn
it ljocht fan ús befinings lit dy rojale libbenswize him no better ferstean. Jawis,
Rienck wie in eigenerfde boer. Mar hy wie mear: hy hie net allinnich de aspiraasjes
fan in lânjonker, hy wie it ek. En dat net inkeld qua ôfstamming en famyljerelaas-
jes, mar ek wat it goed oanbelanget dat hy bewenne. Dat wie ommers net samar
in eigenerfde boerepleats; dúdlik waard dat it al mear as in ieu de fersterke stins
fan Hitsum wie. De sintrale lizzing yn it doarp, midden op 'e bêste grûn, docht jin
trouwens tinke dat stins en pleats ek al lang foar 1420 it ''machtssintrum'' fan Hit-
sum foarme hawwe. Rienck krige al op jonge jierren dit goed mei de bybehearrende
posysje fan doarpshaadling of -hearskip; in posysje dy't syn foarâlden fan memme-
kant al yn it begjin fan de fyftjinde ieu ynnaam hiene.¹⁰³ Sa'n posysje frege om in
rojaal útjeftepatroan. Foar syn doarpsgenoaten en eallju yn oare doarpen oer hie
hy syn stân op te hâlden. Slicher van Bath syn opmerking: ''op drank had men
meer kunnen bezuinigen'' is neffens ús dan ek net op syn plak. Koe in ''gewoane''
eigenerfde boer him eventueel foar de plicht ta it ferlienen fan gastfrijheid weiwine;
in haadling grif net. It is de fraach oft hy oars yn 1570 Frjentsjerteradiel wol yn
de Lândeï fertsjintwurdigje kinnen hie.¹⁰⁴

Omt Rienck dus net allinnich boer wie, moat men Rienck syn hege útjeften net
inkeld sette tsjinoer de ynkomsten út de troch himsels brûkte pleats te Hitsum.
Rienck sels die dat ek net. Tsjinoer de útjeften boekte hy neist de opbringsten fan
syn pleats yn Hitsum ek gâns ekstra ynkomsten út oare boarnen. Dy oare yn-
komsten moatte net ûnderskat wurde. Slicher van Bath hat it yn syn betooch oer
in jierlikse betelling fan 50 caroli gûne, ôfkomstich fan Rienck syn skoanheit Ruurd
Roorda.¹⁰⁵ Mar de ynkomstetabel, dy't hy fierderop jout, en trouwens ek de no-

tysjes yn it rekkenboek, litte sjen dat Rienck Hemmema hieltyd twa healjierlikse terminen fan 50 gûne, dus alle jierren 100 caroli gûne, oan hier of grûnrinte fan Ruurd Roorda ynbarre koe.¹⁰⁶ Alles by elkoar in stik jild dat yn dy tiid gelyk stie oan de pachtopbringst fan in pleats mei goed 70 pûnsmiet goed klaailân.¹⁰⁷ It bebrach waard him trochstrings foar de iene helte op St. Jacob (july 25) útbetelle, en foar de oare helte op St. Maarten (11 november), dus op twa klassike rekkendagen. It kin hast net oars of it giet hjir om fêste hier- of rinte-ynkomsten dy't Rienck oan de houliksynbring fan syn frou tanke. Mei oare wurden, Rienck Hemmema buorke dan wol op ien pleats, syn útjeften koe er sûnt syn houlik op de opbringsten fan sawat twa pleatsen fundearje.

By de hjirboppe ferdigene stelling dat Rienck syn hege útjeften foar in part it karakter hiene fan "ynvestearrings yn 'e takomst" moatte wy boppedat betinke dat hy betreklik jong wie yn de perioade dat wy him yn de boarnen tsjinkomme. De posysje dy't hy hie yn de jierren dat hy syn rekkenboek byhâlde, wie grif net syn einposysje. It rekkenboek sels yllustrearret dat bysûnder aardich. Yn it lêste jier dat it byhâlden waard, yn 1573, sjogge wy syn ynkomsten noch gâns tanimme. By de skieding fan it erfskip fan syn âlden foelen him neist de besittings dy't hy al yn Hitsum brûkte, doe noch 20 goudgûne oan rinten en in oandiel yn it kollaasjerjocht van de Gratinga-prebinde ta.¹⁰⁸ De earste betellings fan dy rinten wurde dan ek fuort registrearre.

As Rienck, dy't ien fan de jongste soannen fan Hette Hemmema wie¹⁰⁹, net sa betiid ferstoarn wie, soene him en syn frou sûnder mis ek fan oare kanten noch besittings tafallen wêze. De fierdere libbensrin fan syn frou Ath Roorda lit dat sjen: mei har twadde man Tadingh van Adelen kaam sy úteinlik op Hemmemastate yn Berltsum telâne: Rienck syn âlderlik stamhûs.¹¹⁰ Op it momint dat wy Rienck yn byld krije, wie hy dus by wize fan sizzen in grûnbesitter fan formaat, foar wa't fierdere "verwervingsperspektieven" net útsletten wiene. Yn dy posysje wie hy wol ferplichte him in rojale libbenswize oan te mjitten. Soks wie foar him in *conditio sine qua non* en kin as rasjoneel ferdigene wurde, ek yn tiden fan krapte lykas yn de oarlochsjierrren 1572-1573. Hy hie it frij om skulden te meitsjen. De kronyk, dêr't Rienck djoer jild foar betelle, hat sûnder mis ferhelle fan it romrofte ferline fan syn adellik foarteam¹¹¹, en droech sa ek by oan syn status ûnder 'e stânsgenoaten. De heale ton bier dy't Rienck yn novimber 1572 oan de "arme luden" joech, die dat foar syn doarpsgenoaten oer. Op ferlykbere wize droegen de ynvestearrings dy't eardere hearskippen yn Hitsum dien hiene troch it stiftsjen fan de Gratinga-prebinde en it oanlizzen fan de tille oer 'e feart, yn de 16de ieu noch hieltyd by oan de foarname posysje fan de eigeners fan de stins yn de parochy Hitsum. Tsjin dy eftergrûn is it foar ús tige de fraach oft wol sein wurde kin dat Rienck syn finansjeel belied minder ferantwurde wie. Soks kin yn dit gefal net allinnich ôfmetten wurde oan it negative of positive saldo fan de ynkomsten min de útjeften.

47. B.H. Slicher van Bath, "Een Fries landbouwbedrijf in de tweede helft van de zestiende eeuw", met de tekst-uitgave van het Rekenboek van Rienck Hemmema door P. Gerbenzon, yn: *Agronomisch-Historische Bijdragen* 4 (1958) 67-208, in ferbettere ferzje fan: B.H. Slicher van Bath, J.H. Brouwer en P. Gerbenzon, "Rienck Hemmema, Rekenboek off memoriael", *Estrikken* 14 (Grins 1956). Al earder hie Postma de nedige oandacht oan dit rekkenboek bestege: O. Postma, *De Fryske boerkerij en it boerelibben yn 'e 16e en 17e ieu* (Snits 1936) 21-35, 50; O. Postma en J.J. Spahr van der Hoek, *Geschiedenis van de Friese Landbouw* (Drachten 1952) I, 117-126 en 145-146. Slicher van Bath wurke de gegevens fan Rienck Hemmema neier út yn: "Robert Loder en Rienck Hemmema", *It Beaken* 20 (1958) 89-117; werpr. yn: B.H. Slicher van Bath, *Bijdragen tot de agrarische geschiedenis* (Utert etc. 1978) 52-80. Mear yn it algemien ferwurke Slicher van Bath de gegevens oer Rienck Hemmema yn syn *Agrarische geschiedenis van West-Europa 500-1850* (Utert etc. 1960).
48. Wy hawwe benammen oarkonden en ferheljende boarnen rieplachte oangeande de stins yn Hitsum. Meikoarten sil D.J. van der Meer yn it *Genealogysk Jierboekje* de lettere skiednis beskriuwe mei gebrûk fan gegevens út de rjochterlike argiven. De hjirnei folgjende noaten hawwe betrekking op it genealogyske skema.
49. Wy stribje yn dit oersjoch net nei folsleinens. It tsjinnet allinnich om de gearhing tusken de famyljes Te Hitsum, Gratinga en Burmania te yllustrjearjen.
50. *OFO* I 41 (1425), 63 (1433).
51. Douwo Bwrmanningha wie yn 1441 meirjochter fan Ljouwerteradiel (*OFO* I 87). Yn 1458 wie der sprake fan "fyower pondametha in Buurmanya fen" (*OFO* I 150).
52. Tyard Buermanya wie meirjochter op Ljouwerter Nijlân (*OFO* I 176). Hy ferstoar foar 1473 (*OFO* I 237). Nei syn pake fan memmekant hjitte hy ek "Thiard Hayngha thoe Lyouwerth" (*OFO* I 177).
53. Dat Tiaert, Upeke, Douwe en Bocke Burmania bruorren wiene, docht bliken út de ûndertekening fan de reversaalbrief fan 1504 (P. Winsemius, *Chronique ofte historische geschiedenisse van Vriesland* (Frjentsjer 1622) 392) yn kombinaasje mei de adelsbrief fan 1520 (*Jaarboekje van den Frieschen adel* 2 (1884) 85). Tiaert syn testamint út 1541 neamt as syn soannen: Joost en Renyck van Burmania (Gemeenteargyf Ljouwert, famyljeargyf Burmania, 9 jan. 1541).
54. Ien fan syn soannen wie de bekende Gemme van Burmania. In oare soan wie Here van Burmania, de heit fan Upcke van Burmania, de auteur fan het Burmaniaboek (RAF, EVC 1323B).
55. Hy wie pastoar fan de Aldehou en makke syn testamint op 13 juny 1557 (RAF, EVC 185d).
56. Nei alle betinken is hy deselde Bocke Burmania, dy't yn 1514 mei Syts Camstra, widdo fan Bocke Agges Herama, troud wie. Syts brocht Unga State te Edens yn dy tûke fan de Burmania's. Har soan Bocke Bockes wie der yn 1529 en 1543 eigener fan; har pake- en beppesizzer Poppe om 1590 hinne. Yn it *Stamboek van den Frieschen adel* binne Bocke Gratinga en Bocke Riencks Burmania troch elkoar helle en binne Bocke Riencks Burmania en dy syn soan Bocke Bockes Burmania ta ien persoan makke. Sjoch hjirfoar: *RvdA* IV 73; *AdvD* no. 530, 531, 1316; *Stamboek*, I 80; *Beneficialboek*, 404; *It Boek fan de Swan*, 52; *Tegenwoordige Staat* III 154-155. By it parseree meitsjen wisse D.J. van der Meer ús noch op in hânskriftlike oantekening oer de kertieren fan Sicke Gratinga: "Graetnia, Burmania, Eelxma, Hermana". As dy oantekening krekt is, soe de genealogyske opstelling mooglik dochts oars wêze as wy hjir oanjouwe.
57. "Item legavit Upkoni in Hitzum partem castris sui in Hitzum cum praediis, quae Gherlanda permutavit contra Wolthonem in Midlem; item legavit Tettae uxori Upkonis suam meliorem tunicam rubeam sine argenteis scilicet scoten". Chr. Schotanus, *De geschiedenissen kerckelyck ende wereldtlyck van Friesland* (Frjentsjer 1658), "Tablinum" 126. Tet wie neffens it Burmaniaboek in dochter fan Kempe Edes Jongema en Jel Bockes Harinxma.
58. "Renicus Upconis de Burmania hos sequentes duos reliquisse constat ex literis in dato 1452: Upco Renici de Burmania (...). Rienck Burmania frater eius fuit, ut constat ex literis in dato 1452". RAF, EVC 1323B ("Burmaniaboek") sub Burmania. Sa't hjirnei noch op't aljemint komt, stammet de 16de-ieuske famylje Burmania yn manlike line fan de Te Hitsums ôf; yn froulike line fan de Burmania's. Sûnder grûn joech Upcke van Burmania ek oan de âldere generaasjes Te Hitsum de famyljenamme Burmania. Ferlykje ek: J. Visser, "Falske, ûnbitroubere en ûnwisse genealogyen yn Fryslân", *De Vrije Fries* 55 (1975) 32-42, dêre 33 en *Nederlands adelsboek* (1936 en 1940) sub Burmania. Neffens de fuortsettingen fan it stamboek fan Upcke van Burmania soe Renik troud west hawwe mei "Aeck Glins" (RAF, EVC 1323C, Rrr). Yn primêre boarnen hawwe wy gjin befêstiging fan dit houlik mei Aeck Glins fûn. It kin wêze dat hy ferwiksele is mei syn pakesizzer dy't deselde namme hie en dy't mei Aeck Burmania boaske. In ferbân mei de famylje Glins (wapen: in klaverblêd) hat men mooglik ôflaat út it wapen mei in klaver dat Douwe en Tiaert Burmania (soannen fan Rienck en Aeck Burmania) oan it famyljewapen fan har mem ûntlienden (sjoch noat 77).
59. "Rienck Wpkis in Birdingaterp". PBF, Hs. Doys: Gerlich Doys, "Libri quattuor" II, 317 en III, 274.

60. Andreas Cornelius, *Chronyk ende waaragtige beschryvinge van Friesland* (1ste pr. 1597; werpr. Ljouwert 1742) 184. It hânskrift Doys sitearret dy fermelding yn de genealogy Burmania-Gratinga. PBF, Hs. Doys II, 317.
61. Johannes Busch, *Cronicon Windeshemense und Liber de reformatione monasteriorum*, ed. K. Grube (Halle 1886) 404-405.
62. Tenminsten oant sa. 1423 hie it kleaster it kollaasjerjocht fan de tsjerke fan Hitsum. Ek de troch Andreas Cornelius neamde Hans yn Offingahuzen en Hilla yn Ezelum út Achlum wiene út in tichteby lizzende en by âlds ûnder de kollaasje fan Lúntsjerk steande parochy ôfkomstich.
63. "Lolle Ockema uxorem habuit Baucam, quae condito suo testamento in anno 1420 duas filias [Gerlant et Gelle] cum quatuor nepotibus (...) heredes instituit. Gerlant Ockema nupsit Wibren Hermana (...). Gelle Ockema filia altera nupsit Wopke in Birlingaterp, ut constat ex testamento matris suae predictae Baucae" (RAF, EVC 1323B, sub Ockema). "Upco de Burmania [sjoch noat 58] Renici filius obiit in pago Hitsum ad plagam septentrionalem templi in semiterio sub saxone incavato" (RAF, EVC 1323B, sub Burmania); "mourut 1426, enterré à Hitzum au nord de l'église" (RAF, EVC 1323C, Rrr).
64. Worp van Thabor, *Chronicon Frisiae* IV 53-55; *GPCV* I 415; *Ostfriesisches Urkundenbuch*, ed. E. Friedländer (1868) nr. 278 (1420), ferlykje nr. 302 (1422).
65. Dat Gerland har mem Bauck in dochter fan Take Camstra yn Furdgum wie, docht bliken út: Schotanus, "Tablinum", 118 (1413), 126 (1456).
66. Nammentlik mei Peter Camstra en Take Camstra bern (omkes fan Geel), Wibrant Hermana (har sweager). Yn 1422 waarden noch neamd Gosse Ockinga (mooglik har broer) en Tite Hettinga (troud mei har muoikesizzer Etheke Epes Ockinga).
67. W.J. Formsma e.a. *De Ommelander borgen en steenhuizen*. 2e dr. (Assen 1987) 6-7.
68. N.E. Algra, *Een spionagerapport van omstreeks 1468* (Ljouwert 1967) 17.
69. *OFO* I 206, 361; II 80.
70. *OFO* IV 95.
71. O. Vries, *Het Heilige Roomse Rijk*, 130-131, 218 nt. 44.
72. "Doue Burmania uxorem duxit Bauck Hania, filiam Tiaerd Hania ex Ansk Wobbema procreatam (...). Hjirút: Aeck en Jouck. "Aeck Burmania, nupsit Rienck Burmania (...) Upconis Renici filio; Jouck Burmania quae nupsit Pybe Haerda alias Mernstera". Dit lêste wurdt stipe troch it feit dat Tiaert Burmania (de soan fan Aeck en Rienck Burmania) yn 1506 fâd oer it weesbern fan Jouck en Pybe wie. *OFO* I 506, 516. Ek letter wie der noch in goed kontakt tusken Burmania's en Haerda's. Sjoch J. Visser, "Famylje-oantekeningen Haerda 1526-1558", *GJB* (1970) 48-50.
73. M.P. van Buijtenen, *St. Vitus van Oldehove* (Utert 1950) 144-146.
74. M.G. Oosterhout e.o., *Pax Groningana* (Grins 1975) nr. 72 (1492). Worp Unia wie mei Rienck syn suster Tet troud. Sy ferklearren û.o. dat "onsen huusen gelegen in Lewerden" iepen hûs foar de Grinzers wêze soene. Upcke van Burmania sitearret ek út dy oarkonde en ferûnderstelt dat mei it hûs Burmaniahûs bedoeld is. Yn 1501 troude Tet Upkes op 'e nij mei Epe Sytses Harinxma thoe Ylst. *OFO* I 451 (1501).
75. Oersjoch by: J.A. Faber, *Drie eeuwen Friesland. Economische en sociale ontwikkelingen van 1500 tot 1800* (Ljouwert 1973) II 648-649 nr. 13.
76. A. Lycklama à Nijeholt, "Eene merkwaardige adelsverheffing", *Jaarboekje van den Frieschen Adel in verband tot de Ridderschap van Friesland* 2 (Ljouwert 1884) 81-85.
77. RAF, Fotokolleksje segels, resp. út: Schwartzberg 901 (1506) en 1602/47 (1512). Dat it klaverwapen fan de âlde famylje Burmania weikomt, docht bliken út de kertieren fan Jouck Douwes Burmania har beppesizzer Frouck Haerda. A. Wassenbergh, *L'art du portrait en Frise au seizième siècle* (Leiden 1934) 152, fig. XIV). Ferlykje ek de klavers op it segel fan Tiaert Burmania alias Hani (sjoch noat 52). It segel fan Douwe Burmania (sjoch noat 51) lit de heale earn sjen en is fierder ûnlêsber.
78. RAF, Fotokolleksje segels, resp. út: kleasterargyf Ealsum 8 (1530) en Schwartzberg 881 (1535). Itselde wapen waard fierd troch Douwe syn soannen Hero en Gemme. Ibidem, út: Schwartzberg 906 (1561).
79. RAF, Fotokolleksje segels, út: Schwartzberg 902, 903, 914 (1550, 1552). Upke te Hitsum fierde neffens syn segel yn 1475: dield, a. in lizzende wassenaar, mei dêrboppe twa stjerren, b. in út de dielingsline útkommende heale wassenaar. Gemeenteargyf Boalsert 14; *OFO* I 361 (1475). Op de sarkstien fan syn pakesizzer Bauck Unia (dochter fan Tet Upkes en Worp Unia; sjoch noat 74) wurdt oan Upke te Hitsum een fariant fan dit wapen taskreaun: dield, a. in heale earn, b. in lizzende wassenaar, mei dêrboppe in roas en in stjer en dêrûnder in leelje. D.J. van der Meer, "Walta State to Boazum", *GJB* (1958) 90; RAF, Fotokolleksje grêfskriften yn Boazum. It is dus sûnder grûn dat it Nederlands Adelsboek as it wapen Hitsum of To Birdingaterp ien of twa klavers oanjout. *Nederlands adelsboek* (1936 en 1940).
80. RAF, EVC 1323B, sub Burmania: "comparavit sibi anno 1453 statum et possessionem Gratinganam prope Harlingam cum omni emolumento et quadam piscina, titulo emptionis a quodam Hottie Wilgrips". Sjoch foar de lizzing fan Gratinga: *PKAF* I 88, 92.

81. RAF, EVC 1323B, ynlysfel sub Burmania: "Bocco (...) filius Upconis natu minimus (...) in donationem propter nuptias a patre Upcone accepit domum Gratinganam praedictam, a qua ipse et multi descendentes nomen familiae Gratingane assumpserunt (...)".
82. Oersjoch by: Faber, *Drie eeuwen Friesland*, II 648-649 nr. 25.
83. *AdVD*, 16-18 (1511), 49-51 (1514). Sicke hat ek in skoft yn Frjentsjer wenne. Yn 1517 hierde hy it OLV-prebindehûs dêre. Nei't it yn dat jier ôfbaarnd wie, sleat hy yn 1520 in oerienkomst mei de patroans fan it lien, Gerrolt Herema en Swob Syaerda, oer de weropbou. Schotanus, "Tablinum", 140.
84. E.H. Waterbolk, *Twee eeuwen Friese geschiedschrijving. Opkomst, bloei en verval van de Friese historiografie in de zestiende en zeventiende eeuw* (Grins 1952) 64 e.f.
85. Andreas Cornelius, *Chronyk*, 94-99, 116.
86. Winsemius, *Chronique*, 243.
87. Gerbenzon en Slicher van Bath, "Een Fries landbouwbedrijf", 169. Sjoch foar de yntellektuele belangstelling fan de famylje Hemmema ek: Sibrandus Leo, *Abtenlevens der Friesche kloosters Mariëngaard en Lidlum*, útj. troch D.A. Wumkes (Boalsert 1929) ix, 90; en O. Vries, "De skriuwtaal fan de haadlingen en hearskippen yn Westerlauwersk Fryslân (1460-1580)", te ferskinnen yn *It Beaken* 42 (1990).
88. Overdiep en Tjessinga, *Rechtsomgang*, 74-76.
89. *Nederlands adelsboek* (1936) sub Burmania.
90. *Tegenwoordige staat van Friesland* (Amsterdam 1786) II 440-441.
91. By de skieding fan de neilittenskip fan Hette Hemmema en syn frou Barbara van Gratinga yn 1573 krige Rienck Hemmema syn mem har oandiel yn dy kollaasje tadield. Besitter fan de prebinde wie doe "eenen Dominicus Sybrantszoon Richeus", de soan fan de Frentsjerter stedsskriuwer. RAF, Kolleksje hss. 1093: 9 (mei tank oan dr O. Vries).
92. Sjoch bygelyks Ph.H. Breuker, stelling 8 hearrende by: *It wurk fan Gysbert Japix*. Diss. VU Amsterdam (Ljouwert 1989) 2 dln., en deselde, "Kerkelijk grondbezit in 1543 in Bozum", *Stichting Alde Fryske Tsjerken*. Publicatieband 2 (1981-1986) 92-93. Wy waarskôgje derfoar, út sa'n oan elkoar swetten ôf te lieden dat it inisjatyf ta tsjerkestichting dus fan de haadling útgien wêze sil, lykas Breuker foar Boazum docht. It is likegoed mooglik dat net it haadlingegedoe mar de tsjerke primêr wie. Fanwege it patrosinium fan St. Gertrudis en de sizzenskip dy't de abdy Lúntsjerk-Achlum yn de lette Midsieuwen oer de tsjerke fan Hitsum hie, wie Hitsum nei alle wierskyn in ôfsplitsing fan de St.-Gertrudistsjerke fan Achlum. De haadferantwurdlike foar de tsjerkestichting sil yn dat gefal net de Hitsumer doarpshaadling west hawwe, mar de benediktiner St.-Paulusabdy yn Utert. Dy oefene it kollaasjerjocht te Achlum út, foardat de abdy Lúntsjerk dat yn hannen krige.
93. Op it bygearde kaartsje is ek FC12, dat oan deselde eigener tahearde as FC6, werjûn.
94. Sjoch bygelyks N.R. Århammar, "Die Wurt-Namen der nordfriesischen Geestinseln und der initiale w-Schwund vor u im Friesischen", *Onoma* 21 (1977) 57-64; en P.N. Noomen, "Koningsgoed in Groningen. Het domaniale verleden van de stad", yn: J.W. Boersma e.o. (red.), *Groningen 1040. Archeologie en oudste geschiedenis van de stad Groningen* (Grins 1990) nt. 150.
95. Ferlykje bygelyks OFO II 12 en J.A. Mol, "Besitzerwerbungen der friesischen Zisterzienserklöster Klaarkamp, Bloemkamp und Gerkesklooster", yn: *Erwerbspolitik und Wirtschaftsweise mittelalterlicher Klöster und Orden*, K. Elm ed. (Berlijn 1990, wurdt printe).
96. *GPCV* II 695.
97. Op de oarspronklike namme - Wiersma - sil meikoarten Van der Meer neier yngean. Sjoch noat 48.
98. RAF, Schwartzenberg 883.
99. Winsemius, *Chronique*, katern Liii en kaart "Nova et accurata Frisiae inter Flevum et Lavicam sitae descriptio"; ferlykje: *Encyclopedie van Friesland*, 118-119.
100. RAF, Schwartzenberg 891. Hero hechte tige oan de útfiering fan de ûnderskate bepalingen yn Sybrandt syn testamint: as erfgenaam beneamde hy syn omke Goffe Roorda, mar as dy him net nei Sybrandt Roorda syn testamint "reguleren" wolle soe, soe ek Hette Hemmema, trouw mei syn muoike Berber Gratinga, mei erve.
101. R.S. Roorda, *Nammen fan keapers en forkeapers út de rintmasters-rekkens 1518-1575* (Ljouwert 1965) 61, 67. Van der Meer (sjoch noat 48) sil meikoarten útlizze hoe't Roorda úteinlik oan de erfgenamen fan Juw (Julius) van Eysinga (trouw mei Rienck Hemmema syn nicht Rinthje Riencks Gratinga) komme soe.
102. Slicher van Bath, "Landbouwbedrijf", 130.
103. Dat him as eigener fan Roorda min ofte mear fanselsprekkend de haadlingerjochten yn Hitsum tafoelen, kin opmakke wurde út de boedelskieding fan 1573, dêr't hy syn mem har oandiel yn de kollaasje fan it Gratinga-lien by yn hannen krige (sjoch noat 91). As rjochtsopfolger fan syn pake Sicke Gratinga op it "principael goedt toe Hitzum" sil hy allyksa it fiskrjocht yn de Frjentsjerterfeart útoefene hawwe (sjoch noat 96).
104. Slicher van Bath, "Landbouwbedrijf", 75.

105. Slicher van Bath, "Landbouwbedrijf", 82. Hy neamt Roorda oars sûnder grûn in "vermaard geslacht, thuis horend in Hitsum". Ibidem, 75. It stiet lykwols fêst dat Rienck syn skoanheit yn Hinnaard libbe en hielendal neat mei Hitsum te krijen hie. Ruurd Roorda wie troud mei in Sassinga fan Hinnaard; syn âldere broer Watze wie in skoft lang grytman fan Hinnaarderadiel. *Stamboek*, I 313; II 210 nt. 17. De ôfstamming fan Rienck Hemmema en Ath Roorda komt dúdlik ta utering yn de kertierwapens "tot Hitsum op Rienck Hemmema en At Roorda steen: Hemmema, Popma, Gratinga, Dekema; Roorda, Tetema, Sassinga, Hiddema". RAF, EVC 1323C, potlead 51v, JJJ.
106. De tabel is opnaam by Slicher van Bath, "Landbouwbedrijf", 124. Opmerklik is dat Slicher van Bath dy ynkomsten net ûnder de post "pachten" boekt hat mar apart as "betaling door schoonvader" registrearre. Ut it rekkenboek docht lykwols dúdlik bliken dat it om lânhier gong. Lykas meidield, waard it bedrach hieltyd yn twa terminen betelle: 50 c.g. op of om St. Jacob (25 juli) en 50 c.g. op of om St. Maarten (11 novimber). Sjoch hjirfoar de tekst-útjefte fan it rekkenboek op de siden 141 (1ste termyn 1569), 142 (2de termyn 1569), 148 (1ste termyn 1570), 153 (2de termyn 1570; oan syn sweager betelle dêr't Rienck in bêd en in merje fan krigen hie), 165 (17 novimber twa terminen foar 1571 yn ien kear notearre), 174 (1ste termyn 1572), 180 (2de termyn 1572, betelle maart 1573), 183 (sprate betelling fan de hier fan St. Jacob en St. Maarten; augustus-novimber). Krusiaal binne hjir de jierren 1571 en 1572. It is eins net te begripen wêrom't Slicher van Bath foar 1571 mar 1000 stoeren oan betellings registrearre hat. De passaazje op s. 165: "Riurt Roorda mijn huijsurou vaer bij Ansk suster ons gesonden 50 karlus gulden *ende ontrent Sint Iacop al soweel, hijer mede vor dit iaer betaelt*" (kursivearring fan ús), kin mar op ien manier útlein wurde: Roorda hie doe ek al de earste termyn betelle mar notearre dy no foar it earst by de betelling fan de twadde. Rienck hat dus net 1000 mar 2000 stoeren ynbarnd. Foar 1572 leit it wat oars: de 2de termyn waard troch Roorda earst yn maart 1573 betelle: "Riurt Roorda mijn huijsvrou vader ons betaelt in alles dije huij van Sint Merten vorleeden den 8 martij" (s. 180). De terminen foar 1573 binne yn de perioade augustus-novimber folslein betelle. Lykwols misse wy yn de útjefte tabel fan Slicher van Bath foar 1572 de hier fan 1000 stoeren sa't dy earst yn maart 1573 betelle is (bygelyks as kredietpost), mar ek is dy net by de ynkomsten fan 1573 meirekene.
- Konklúzje: Slicher van Bath komt foar 1571 as ek foar 1572 op minder ynkomsten út as Rienck Hemmema boekt hie. Syn foarstelling fan Rienck syn einresultaten binne dêrtroch te ûngeunstich: ynsteed fan in posityf saldo fan 1005 stoeren foar 1571 en in negatyf fan 3071 foar 1572 moatte bedragen fan + 2005 en - 2071 ynfolle wurde. Mei't dy resultaten no wizige wurde moatte, lit it him riede dat ek de ynterpretaasje fan dy resultaten op guon punten oan revyzje ta is.
107. Rienck Hemmema rekkent yn syn boek foar de hier fan (goed) los lân I goudgûne fan 28 stoeren de pûnsmiet. Slicher van Bath, "Landbouwbedrijf", 129.
108. Dit docht bliken út it rekkenboek, s. 179, 180, 185, yn kombinaasje mei RAF, Kolleksje hss. 1093: 9. Fan dy 20 g.g. hat hy, sa't út it rekkenboek bliken docht, yn it jier 1573 al 6 g.g. út Luttick Hockwirt te Winsum en 10 g.g. út Engwert ynbarnd.
109. Hy liet him earst yn 1559 as studint yn Leuven ynskriuwe. Vries, "Skriuwtal". De jongste soan wie Douwe: út dy syn testamint docht bliken dat hy yn 1574 "oldt omtrent 21 iaeren" wie en "alsnu tot Douay ter scholen leggende" (RAF, Famyljearyf Van Sminia 1447).
110. It Hemmema-lien (it saneamde feodum Nijefenne) wie doe al yn hannen fan Rienck syn âldere broer Sicke; it soe de funksje fan "forndeel" fan Hemmemastate oernimme. Wa't Hemmemastate sels erfde is foarearst net mei wissichheid te sizzen. Wierskynlik wie it syn jongere broer Douwe. Dy fermakke yn syn testamint (sjoch foarige noat) de earmen fan Berltsum it rojale bedrach fan 100 goudgûne. Douwe wie net troud en soe rillegau ferstjerre. Uteinlik moatte Rienck syn erven (syn dochter Berber en frou Ath Roorda) rjochten op Hemmemastate krigen hawwe, oars is net te ferklearjen hoe't syn widdo dêre letter tahâlde koe. H. Sannes, "Het heerlijk Leen Nijefenne op 't Bildt, en zijn bezitters uit de geslachten Van Hemmema en Du Tour", *De Vrije Fries* 28 (1928) 472-523; ferlykje *Stamboek* II, 128.
111. Lykas tweintich jier letter Andreas Cornelius, *Chronyk*, 94-99 en 313, dat ek dwaan soe.
112. G.A.M. Beekelaar e.o., *Richtlijnen voor het uitgeven van historische bescheiden*, 6de pr. (Utert/Den Haach 1988).
113. RAF, Steatearyf 1580-1795, nr. R14b, Frjentsjerteradiel en Frjentsjer 1700.
114. D.J. van der Meer, "Inkelde Aldfryske plaknammen út Marsum", *Fryske Nammen* 1 (1978) 68-75, ald. 74-75, hat der al op wiisd dat yn guon nylânsgebieten it persintaazje flaters betreklik heech is. Der moat yn alle gefal rekken hâlde wurde mei grutte ferskillen al neffens doarp en gritenij.
115. RAF, Stedhâlderlik argyf 258-260. Dit omt der yn de printe kohieren frijwat print- en lêsflaters foarkomme.

116. Yn Barradiel hawwe wy allinnich foar Seisbierrum neier argyfûndersyk dien fanwege it grut tal stimmende stellen sûnder folweardige sate dêre. Yn Weststellingwerf binne útsûnderingsgewiis foar Aldeholtwâld neist de kohieren fan 1698/1700 en 1728 ek dy fan 1708 brûkt. Yn dit diel hawwe wy foar Doanjum brûk makke fan de troch J.W. Heringa, *Heringa's uit Dongjum. Geschiedenis van een Friese familie* (Franeker 1978) oanhelle argyfsticken.
117. Sjoch oer it doel en it belang fan dy oantsjutting fan tsjerklike gesinte, dy't ek yn it de stimkohieren fan Baarderadiel foarkomt: W. Bergsma, "Kalvinisme yn Snits om 1600 hinne", yn: W. Bergsma e.o., *Frysk, from en frij. In oantal aspekten fan leauwe en polityk yn Fryslân* (Ljouwert 1988) 93-119, 97-98.
118. Eekhoff, *Nieuwe atlas* (1849-1859).
119. Sjoch hjirfoar: O. Postma, "Oer de corpora fan de Fryske kleasters en hwat der út fuort kaam", *It Beaken* 8 (1946) 11-16; 18-21.
120. *PKAF* I 19; *PKAF* II 28.
121. Sjoch de kaarten fan de pleatsen ûnder Doanjum (op it omslach) en Tsjom út respektivelik 1636 en 1644: dy komme moai oerien mei ús rekonstruksje fan Doanjum FC7 en Tsjom FC16. Ferlykje lykwols noat 38.
122. Sjoch bygelyks it tagelyk mei de Atlassen fan Weststellingwerf útkommen wurk fan: E.J. Winter, *De soolsteden van 1858. Eigenaren en gebruikers* (Wolvegea 1989).

Algra, Ein:

N.E. Algra, *Ein. Enkele rechtshistorische aspecten van de grondeigendom in Westerlauwers Friesland* (Grins 1966).

AdVD:

J.C. Tjessinga (ed.), *De Aanbreng der Vijf Deelen van 1511 en 1514* (Assen 1942-1954) 5 dln.

BB:

J. van Leeuwen (ed.), *Beneficialboeken van Friesland* (Ljouwert 1850).

Eekhoff:

W. Eekhoff, *Nieuwe atlas van de provincie Friesland* (Ljouwert 1849-1859).

FC:

Floreenkohieren, RAF, Steateargyf 1580-1795, ynv.nr. R14b.

GA:

Gemeenteargyf.

GJB:

Genealogysk Jierboekje (Ljouwert, sûnt 1951).

OFO:

P. Sipma (ed.), *Oudfriesche oorkonden* 3 dln. (den Haach 1927-1941); O. Vries (3d.), *Oudfriesche oorkonden* dl. IV (Den Haach 1977).

Overdiep en Tjessinga, Rechtsomgang:

G. Overdiep en J.C. Tjessinga, *De rechtsomgang van Franekeradeel 1406-1438* (Frjentsjer 1950)

PKAF:

J.A. Mol en P.N. Noomen (ed.), *Prekadastrale atlas fan Fryslân* (Ljouwert, sûnt 1988).

Postma, Kleihoeve:

O. Postma, *De Friesche kleihoeve. Bijdrage tot de geschiedenis van den cultuurgrond vooral in Friesland en Groningen* (Ljouwert 1934).

RAF:

Ryksargyf yn Fryslân, Ljouwert.

RvdA:

I. Telting (ed.), *Register van den Aanbreng van 1511 en verdere stukken tot de floreenbelasting betrekkelijk* (Ljouwert 1880) 4 dln.

SC hs:

Hânskreaune stimkohieren, RAF, Stedhâlderlik argyf, ynv.nrs. 258-260.

SC pr:

Stem-cohieren van Oostergoo, Westergoo en Zevenwouden, bevattende de namen der eigenaars en meijers van de stemvoerende plaatsen in alle dorpen in Friesland, in 1640 en 1698, tegenover elkander geplaatst, 6 dln. (Ljouwert 1700); *Cohieren der stemmen in de provintie van Frieslandt van de jaaren 1640 en 1728*, 3 dln. (Ljouwert 1730).

Schotanus/Halma:

B. Schotanus à Sterringa, *Uitbeeldinge der heerlijkheit Friesland* (Ljouwert, Francois Halma, 1718).

Stamboek:

M. de Haan Hetteema en A. van Halmael, *Stamboek van den Frieschen vroegeren en lateren adel, uit oude bescheiden en aantekeningen en met bijvoeging van de wapens der onderscheiden geslachten opgemaakt*. 2 dln. (Ljouwert 1846).